

99. Lit jim gean Friezen Gurbe Douwstra

*Wy Friezen spatte eins amper út 'e bân
Wy binn' bekend as 't folk fan 'tуйке, tуйке oan'
Us 'ja' is 'ja', ús 'nee' is 'nee'
en as sy freegje: 'hoe ist mei dy?'
Dan 'koe't wol minder' en dat 's al better as gewoan.*

*In Fries allinnich rekket nearne fan oerstjoer
Ek al baarnt der yn him noch sa'n hillich fjoer
Mar binn' wy mear as mei ús trijen,
binn' wy net mear stil te krijen
Leit de massa-hystery fuort op 'e loer!*

**REFR. Lit jim gean Friezen, Friezen lit jim gean
bliuw net sitten, stive Friezen, jim moatte stean
jim moatte roppe, raze en balte,
krekt as binne jim net al te al te
lit jim gean Friezen, Friezen lit jim gean**

**Nei twa kear nachtfroast wol de Hollanner der foar
Hy ropt om 't hurdst: 'de tocht der tochten, die gaat door'
Mar wy Friezen witte better
iis is samar ek wer wetter
En dus hâlde wy de kiezzen op elkoar**

**Mar hearre wy Henk Kroes dan sizzen: 'it giet oan'
Ferlieze al dy nochtere Friezen har ferstân
Mei op 'e kop in 'Unox-petsje'
en by elk beferzen sleatsje
Stean de kampioenen fan it ûnferstân**

REFR.

**En bliuwt it winters alle nachten boppe nul
Dan gau nei Tsjalf op 't Hearrenfean mei 't hiele spul
Nei Tony, lds en rappe Rintsje
oe wat in kotsje hat dat fintsje
't Giet hjir om goud, nee dit is echt gjin flauwekul**

**En al is ús pake fiifensantich jier
De holle read-wyt-blau, hy farvet sels it hier
En giet de 'wave' dan oer de banken
kin ús pake hast wol janke
Mar hy 'waved' mei, al docht it sear, ja stjerrend' wier**

**REFR. Lit jim gean Friezen, Friezen lit jim gean
bliuw net sitten, stive Friezen, jim moatte stean
jim moatte roppe, raze en balte,
krekt as binne jim net al te al te
lit jim gean Friezen, Friezen lit jim gean**

**En yn dat stadion dat, nei Abe is ferneamd
Heart elke fuotbalgek dochs út syn dak te gean
Mar 'k hear amper minsken sjongen
se koenen wol lêst ha fan de longen
Binn' dit no werklik wol de fans fan 't Hearrenfean**

**Earst as it goed giet, fielt de Fries him dan ferbûn
Klinkt yn De Kuip it Frysk folksliet sels yn 't rûn** Ynstr.
*En al snapt gjin spiler wat wy roppe
wy sjonge troch, dan mar foar Foppe
Wy hâlde fol al wurde wy noait ris kampioen*

**REFR. Lit jim gean Friezen, Friezen lit jim gean
bliuw net sitten, stive Friezen, jim moatte stean
jim moatte roppe, raze en balte,
krekt as binne jim net al te al te
lit jim gean Friezen, Friezen lit jim gean**

**Lit jim gean Friezen, Friezen lit jim gean
bliuw net sitten, stive Friezen, jim moatte stean
jim moatte roppe, raze en balte,
krekt as binne jim net al te al te
lit jim gean Friezen, Friezen lit jim gean**

**lit jim gean Friezen, Friezen lit jim gean
lit jim gean Friezen, Friezen lit jim gean**